FERIENING FRYSK UNDERWIIS

Skriuwerskip:
Drs. S.T. Hiemstra
G. Sondermanstrjitte 29
9203 PT DRACHTEN

Oan:
- it kolleezje fan Deputearre Steaten
- de leden fan Provinsjale Steaten
- de leden fan it Komitee Frysk
Provinsjehûs
Twibaksmerk 52
Postbus 20120
8900 HM LJOUWERT

→ 120518.2deFFUbr.

Drachten, 18-05-2012

Underwerp: ***twadde*** fersyk om in reaksje fan DS op ús brieven fan 22-12-2011 en 05-03-2012 oangeande in steatsrjochtlik ûndersyk nei it plaknammebeslút fan Wymbritseradiel

Risnabel kolleezje fan Deputearre Steaten, rju achtbere leden fan Provinsjale Steaten,

"Op 22-12-2011 hawwe wy ús as *Feriening Frysk Underwiis* (FFU) mei in brief ta DS rjochte, dêr't wy ús soarch yn útsprieken oer hoe't de nije fúzjegemeente Súdwest-Fryslân de oerienkomst oangeande it Fryske taalbelied útfiert. Wy hawwe ús dêrby oansletten by in oprop fan de *Topografyske Wurkgroep Fryslân* (TWF) om in ûnôfhinklik steatsrjochtlik ûndersyk ynstelle te litten nei de gong fan saken op it stik fan it ynfieren fan Frysktalige plaknammen yn dy gemeente. It wie ús slim yn 'e wei, dat troch in manoeuvre fan it kolleezje fan de nije gemeente Súdwest-Fryslân in demokratysk nommen riedsbeslút fan de gemeente Wymbritseradiel net útfierd waard. Wy hawwe doe in berop op jimme dien om derop ta te sjen dat dat beslút wól útfierd waard."

Sa wie de oanhef fan in ***twadde*** *FFU*-brief oan it kolleezje fan Deputearre Steaten (d.d. 05-03-2012; ôfskrift oan *Provinsjale Steaten*). Op beide brieven hawwe wy gjin reaksje hân fan it kolleezje, net formeel (bgl. in berjocht fan ûntfangst) en net ynhâldlik. Dat der (wer) gjin reaksje komt op ús brieven, liket, op in inkelde útsûndering nei, hast in fêst patroan te wurden (sjoch de lêste trije alinea's fan ús brief fan 5 maart 2012). Ommers, de tiid hâldt gjin skoft: wy binne al wer in hiel ien fierder yn de tiid (twadde helte juny 2012).

Troch it fannijs útbliuwen fan in andert op ús brieven, meitsje wy ús as *FFU* no wol hiel grutte soargen oer hoe't it komt mei dy plaknammen yn Súdwest-Fryslân en mei de plaknammen by de kommende gemeentlike weryndielings yn Fryslân. **It heechste nivo Frysk heart ommers it basisnivo Frysk te wurden by de weryndielings.**

Sa witte wy fan de boppeneamde *TWF* dat op partijnivo yn Dongeradiel, Achtkarspelen en It Bilt oer de plaknammen by in mooglike weryndieling neitocht wurdt. In goed en geregeld kontakt tusken de provinsje Fryslân en de *TWF* liket ús boppedat ek fan belang. De ûnderfining hat ús leard dat de *TWF* net yn problemen tinkt, mar yn oplossings. Dêr soe troch de provinsje in goed gebrûk fan makke wurde moatte.

Om in ynhâldlik helder antwurd te krijen, moatte wy neffens in brief fan it *Steatekomitee Frysk* (12-01-2012) oan ús by jimme kolleezje wêze. De foarsitter fan it komitee skriuwt dat it oan "Deputearre Steaten is om te sjen hoe't de oerienkomst oer it taalbelied útfierd wurdt. Wannear't de hannelwize fan Deputearre Steaten net yn oerienstimming wêze soe mei de neamde oerienkomst, komt de rol fan Provinsjale Steaten earst oan de oarder."

As Deputearre Steaten gjin of in tekoartsjittend sinjaal oer in steatsrjochtlik ûndersyk nei de gong fan saken om de nammen yn Wymbrits hinne jouwe, dan sille aanst bygelyks ek Ljouwert/Boarnsterhim of Hearrenfean/Boarnsterhim harren romte besykje te krijen. En it *Europeesk Hânfêst* hat no ienris op dat stik gjin karmenu.

Wy dogge yn dit brief tagelyk in berop op *Provinsjale Steaten* om de tafersjochsrol fan *Deputearre Steaten* oangeande it neikommen fan taaloerienkomsten mei gemeenten en fan Europeeske ferdraggen (*Hânfêst* en *Ramtferdrach*) fandatoangeande te hifkjen. En boppedat om *Deputearre Steaten* oan te fiterjen om ús op 'e tiid in besteklike reaksje te jaan.

Mei rju achtinge,
foar de *Feriening Frysk Underwiis*

drs. S.T. Hiemstra,
skriuwer FFU

Bylagen: FFU-brieven fan 22-12-2011 en 05-03-2012 (ek te finen op www.ffu-frl.eu)

Ofskr.: guon media (LC, FD, OF, it Nijs)